

Port Betaald
Port Payé
Pays-Bas



KRITENIJS


F
R
Y
S
K

S
E
L
S
K
I
P

·
U
S

M
E
M
E
T
A
A
L

·
A
S
S
E
N



Oprjochte yn 1930



Winterskoft 2024 – 2025

nr. 2, desimber 2024

Ôfstj.: Einsteinlaan 20, 9406 BK Assen

Frysk Folksliet

Frysk bloed tsjoch op! ¹⁾ Wol no ris brûze en siede,
en bûnzje troch ús ieren om!
Flean op! Wy sjonge it bêste lân fan d'ierde,
it Fryske lân fol eare en rom.

Refrein:

*Klink dan en daverje fier yn it rûn
dyn âlde eare, o Fryske grûn!
Klink dan en daverje fier yn it rûn
dyn âlde eare, o Fryske grûn!*

Hoe ek fan oermacht, need en see betrutsen, ²⁾
oerâlde, leave Fryske grûn,
nea waard dy fêste, taaie bân ferbrutsen,
dy't Friezen oan har lân ferbûn.

Refrein

Fan bûgjen frjemd, bleau by 't âld folk yn eare,
syn namme en taal, syn frije sin;
syn wurd wie wet; rjocht, sljocht ³⁾ en trou syn leare,
en twang, fan wa ek, stie it tsjin.

Refrein

Trochloftich ⁴⁾ folk fan dizze âlde namme,
wês jimmer op dy âlders great!
Bliuw ivich fan dy grize, hege stamme
in grien, in krêftich bloeiend leat!

Refrein.

1) tsjoch op = bliuw net stilstean

2) betrutsen = yn gefaar brocht

3) sljocht = ienfâldich

4) trochloftich = Holl.: doorluchtig



Earebyld
dr. Eeltsje Halbertsma, Grou

*'De âlde Friezen'
ferzje Halbertsma/
Van Loon*

Kolofon

Gearstalling bestjoer

Foarsitter: Teatske Haanstra, Nic. Beetslaan 1 B2, 9405 BB Assen, tel. 0592 344920; teabosma@hetnet.nl

Skriuwer: Hans Groenhof, Broeklaan 56, 9405 AN Assen, tel. 0592 352932; hansenmetje@home.nl

Ponghâlder: Douwe de Beer, Jan Palachweg 101, 9403 JT Assen, tel. 06 10166002; ddb@planet.nl

- Bankrekken fan de Krite: NL 78 RABO 0310 1082 33

Leden: Sjoewe Wiersma, Metje Groenhof, Renny Monsma.

Redaksje Kritenijs

Redaksje-adres: Anje Hoogland (typwurk en layout), Rolderdingspillaan 36, 9451 GB Rolde, tel. 06 19787284; anjehoogland50@hotmail.com

Jan Toering (korreksje- en oersetwurk), Gersthullen 29, 9403 WK Assen, tel. 0592 370102; j.toering29@gmail.com

Meiwurkers oan it Kritenijs (oer it algemien): Jeltje Geertsma, Sjoukje Jansma, bestjoersleden, redaksjeleden.

Kontaktpersoanen en/of adressen

- Lede-administraasje: Sjoukje Jansma-Mozes, Einsteinlaan 20, 9406 BK Assen, tel. 0592 354238

- Ferfier nei Hooghalen: Hans Groenhof, tel. 0592 352932, b.g.g. Teatske Haanstra, tel. 0592 344920.

Oare adressen

It Keninklik Frysk Boun om Utens:

www.fryskbutenfryslan.frl

Keatsen: Gerrit Elzenga, tel. 06 26688684

www.heitelan.nl (stêden en doarpen)

www.afuk.frl

www.goeie.frl: digitaal blêd (nijs út Fryslân en de wrâld)



Ynhâld

- 1 Nammen en adressen
- 2 Advertinsjes + gedichtsje
- 3 Derbûten
- 4 1930 - 2025 Us Memmetaal
- 5 Ferslach ledegearkomste 18-10-2024
- 6 Ha jo it al heard
- 7 ferfolch
- 8 95 jier

- 9 Utnûging Stampotbuffet !!!
 - 10 Fraachpetear
 - 11 ferfolch
 - 12 ferfolch
 - 13 Kritenijs + Bokwerters
 - 14 Wurdssiker
 - 15 Advertinsjes
 - 16 Bûsboekje + wiisheden
- Kaft: advertinsjes + gedichten


Geef uw fiets een onderhoudsbeurt

Dealer van
SPARTA-RIH



B. Franke
TWEEWIELERS

Groningerstraat 266 • Assen • 0592 344237



Friese-producten.nl

Online Friese kado's

Webwinkel met meer
dan 500 Friese artikelen.
Vandaag besteld,
overmorgen in huis!

Kado's
Kalenders
Sleutelhangers
Wenskaarten
Shirts
Vlaggen • Stickers • Agenda's
Truien • Sokken • Handdoeken
Sjaals • Mutsen • Glazen
Mokken • Snoep en ...
nog véél meer!

www.friese-producten.nl

06-53259385

*Lit thús en ek by oaren oeral dyn ljochtsje skine.
Dan silsto op dyn libbenspaad grif rike dingen fine.
Faaks silst ek leed ûntdekke, dat bringt it libben mei;
skyn do dan mei dyn ljochtsje der alle skaden wei.*



VANVEEN
TANDPROTHETISCHE PRAKTIJK

BERRY VAN VEEN
TANDPROTHETICUS

Mr. P.J. Troelstralaan 257
9406 BA Assen

0592 26 89 89
info@tppvvanveen.nl
www.tppvvanveen.nl

Derbûten

“It ein komt tichtby”

It jier komt hast oan syn ein. At jim it Krittenijs op 'e matte lizzen ha duorret it sawat mar tsien dagen mear. De krystdagen lizze noch tichterby. It feest fan de ljochtsjes, it by-elkoar wêze mei famylje en genietsje fan de prachtige krystferskes. It is krekt as ha ik koartlyn it stikje skreaun foar it Krittenijs yn 2023. De tiid hâldt gjin skoft.

It is ek de tiid om werom te sjen op it ôfrûne jier.

Tinke oan de minsken dy't ús ûntfallen binne, dy't te meitsjen hân ha mei in swier ûngemak of dat noch ha. Mar ek oan de dingen dy't je bliid makke ha. En dan net allinne tinke oan grutte dingen, mar ek oan de lytse saken. Faaks in nije, lytsere wente, in helpmiddel foar it ien of oar by wat net sa goed mear giet, besite krije fan in út it each ferlern persoan, of jo bern, jo neef of nicht lokkich te sjen. Wat kin dat allegear moai wêze en wat ha je der fan genoaten en dogge je noch.

Sa skreau ik yn it Krittenijs fan septimber dat wy pake en beppe wurde soenen; no dat is bard. In sîn jonkje mei de namme Oliver. Syn twadde namme is Markus nei syn pake en de tredde Kornelis nei syn opa. En hoe grutsk binne wy op dy lytse man en it is fansels de moaiste fan de hiele wrâld.

Op freed 10 jannewaris takomme jier ha wy it **stamppotbuffet** wer mei alles derop en deroan. Wy hoopje as bestjoer dat jim dêr manmachtich by oanwêzich binne. Fierderop yn it Krittenijs kinne jim lêze wêrom't wy dat èk graach wolle.

Freed 18 oktober kamen der gelokkich in aardich keppeltsje minsken nei Hooghalen foar de ledegearkomste en it breamiel. Dêr binne wy bliid mei. Fansels hoopje wy dat der noch mear minsken komme nei it stamppotbuffet sadat wy mei ús allen genietsje kinne fan al it lekkers wat dan foar ús klear stiet.

Fierderop yn it Krittenijs stiet wat mear ynformaasje.

Meitsje der moaie lêste dagen fan yn it jier 2024, mei famylje, freonen en oare leave minsken om jo hinne. En in goeie jierwiksel. Genietsje derfan.

Ik winskje jim allegear it allerbêste en sûnens ta yn 2025.



*Groetnis,
Teatske*

1930 – Ús Memmetaal – 2025

Yn it Derbûten ha ik skreaun dat it bestjoer graach sjocht dat der safolle mooglik minsken komme nei it stampotbuffet. Wêrom?

De bestjoersgearkomste op 8 oktober l.l.

De Krite bestiet takommend jier 95 jier.

Wat dogge wy mei dit heuglik barren en hoefolle sinten ha wy dêr noch foar beskikber?

En doe kaam de fraach: hoe lang kinne wy de Krite noch bestean litte?

Nei in protte hinne en wer gepraat en de mooglikheden fan foaren nei efteren, fan links nei rjochts besjoen te hawwen, ha wy unanym in beslút naam.

Wy ha it foarnimmen om de Krite op 11 april 2025 te ûntbinen.

Wy kinne dit fansels net dwaan sûnder tastimming fan 'e leden.

Op 'e lêste miene ledegearkomste op 18 oktober 2024 is dit al oan 'e oarder kaam en alle oanwêzigen ha middels in papier tastimming jaan kind oan ús foarnimmen ta ûntbining. Om safolle mooglik stemmen te krijen skriuwe wy op freed 10 jannewaris 2025, foar-ôfgeand oan it stampotbuffet. in algemiene ledegearkomste út. Minsken dy't op 18 oktober lêstlyn net oanwêzich wiene, kinne dan har stem útbringe.

It is oh sa spitich dat ús Krite Ús Memmetaal ophâldt te bestean, mar koesterje de moaie oantinkens. Tink oan de prachtige dingen dy't it ús jûn hat, de nocht en wille en it meilkoar wêzen fan de Friezen yn Drinte, 95 jier lang.

Útnûging foar de de miene ledegearkomste op 10 jannewaris 2025 om 16.30 oere yn it Haolerhoes te Hooghalen

Agindapunten

1. Iepening
2. Notulen miene ledegearkomste 18 oktober 2024
3. Mooglikheid om te tekenjen foar akkoard
4. Sluting (om 17.00 oere folget it stampotbuffet)

1930 – Ús Memmetaal – 2025

Ferslach fan de ledegearkomste op 18-10-2024

Oanwêzich: 30 leden, ynklusyf de bestjoersleden fan ús Krite.

1. Iepening: ús foarsitter Teatske iepenet de gearkomste en hjit ús allegear wolkom. Dêrnei wurdt it Frysk Folksliet songen.

2. Notulen: it ferslach fan de ledegearkomste van 20-10-2023 wurdt goedkard.

3. Finansjes: Douwe de Beer docht ferslach en jout oan dat der in tekoart is fan € 613,13. Frou Jansma wol graach in bredere útlis hearre fan de splitsing fan de kosten dy't makke binne en fan de bedraggen dy't ynkaam binne. Douwe hat dêr mei frou Jansma kontakt oer hân. Hy hat alle fragen beantwurde en frou Jansma is dêr tefreden mei.

4. Kaskommisje: de hearen Geertsma en Westra hawwe de boeken goed kontrolearre en gjin flaters fûn. "It stiet der foar top by". Der wurdt désjarzje ferliend. Douwe kriget applaus. Geertsma wurdt troch de foarsitter betanke foar syn wurk. Westra mei noch in kear kontrolearje. Anje Hoogland wurdt beneamd as nij kaskommisjelid.

5. Ferslach redaksje Krite: Anje ferwiist nei de tekst op side 7 fan it Krite.

6. Opheffing fan ús Krite: Yn dizze ledegearkomste jout Teatske oan, dat it bestjoer foarnimmens is om ús Krite yn 2025 op te heffen; yn it jier dat wy 95 jier besteane. Oarsaak: finansjeel tarre wy in hiel soad yn. Om foar te kommen dat ús Krite slomjend wei wurde sil, wol it bestjoer op freed 11 april 2025 yn it doarpshûs yn Hooghalen op passende wize omtinken jaan oan it opheffen. Dat beslút moat fansels foarlein wurde oan alle leden.

Op 18 oktober hawwe de measte (oanwêzige) leden de akkoartferklearring ûndertekene. Dêr docht út bliken dat se it nei harren betinken iens binne mei de opheffing, hoe spitich dat ek is.

In ekstra, koarte, ledegearkomste oer de opheffing sil wêze foarôfgeand oan it Stamp-potbuffet, op 10 jannewaris o.s. om 16.30 oere. De leden dy't noch net tekene ha, stelle wy dan yn de gelegenheid dat te dwaan. Yn it Krite fan desimber komt in oankundiging.

7. Omfregjen: a. Frou Geertsma jout oan dat der gjin minsken binne for in fraachpetear. Lykwols: nei dizze gearkomste docht bliken dat der dochs noch in fraachpetear folgje sil.
b. Toering fertelt dat er benijd opseach doe't er de Fryske Oarkonde krige, foar al it wurk dat er dien hat foar ús Krite!

8. Sluting: Teatske slút de gearkomste om 16.10 oere.

Assen, 19-10-2024

Hans Groenhof

Nei de gearkomste folge in tige smaaklik breamiel foar de leden, dy't harren dêrfoar opjûn hienen.

Ha jo it al heard



- dat it in fanselssprekkend plak is foar it Frysk op skoalle, op it wurk en yn de iepenbiere romte. Dat is ien fan 'e ambysjes yn de provinsjale taalnota "Fansels Frysk", dy't troch it kolleezje fan Deputearre Steaten presintearre is. Yn de notysje steane de plannen foar it taalbelied fan 2025 o/m maaie 2028. Dy freegje foar de hiele perioade om in ynvestearring fan 10 miljoen euro. Provinsjale Steaten sille op 19-6-2025 de notysje behannelje.

- dat Yvonne en Esther mei 30 bisten op in eilân wenje. "Wij vinden een beetje primitief leven niet erg". Yvonne en Esther wenje no in jier op in eilantsje by Broeksterwâld. Dêr ha se in 'tiny house' pleatse litten. In jier lyn ferhuzen se mei 30 húsdieren nei it, doe noch, ûnbewenne eilantsje. It lytse hûs waard leech oplevere. Gjin keuken, gjin flier, gjin gasoansluting en gjin ynternet. Der moast in soad opboud wurde. Dus: wenje op in ûnbewenne eilân!

- dat Fryske learlingen op útwikseling binne yn Baskelân foar Wiki Wonen-projekt. Ein april wiene acht learlingen fan de Havotop yn Burgum, yn ferbân mei it projekt Wiki Wonen op útwikseling yn Baskelân. Wiki Wonen is in gearwurking fan Fryske, Ierske en Baskyske organisaasjes om lesmateriaal te ûntwikkeljen foar it fuortsetûnderwiis, dêr't learlingen, troch Wikipedy-artikels te skriuwen, digitale, skriuw- en ûndersykfeardichheden yn opdogge.

- dat boer Marco him útkeapje liet en no in deastille stâl hat: "Niet te beschrijven". De earste kear dat boer Marco de Jong (52) fan Langedike de deastille stâl ynstapte, wie hiel nuver. "Het is niet te omschrijven hoe dat voelt" seit er. Begjin septimber binne syn kij ophelle, want de Jong liet him útkeapje troch de oerheid. Hy is pykbelester. Syn bedriuw, al mear as 100 jier yn de famylje, sit flakby it Drents-Friese Wold. It stjit tefolle stikstof út, te ticht by dat kwetsbere natuergebiet.

- dat de Fryske BBB merkt en geregeld heart dat minsken dy't nij binne op it plattelân noch wolris kleie oer stankoerlêst fan it boerebedriuw. "Minsken fan bûten it Noarden binne dat net sa wend en wolle in boer noch wolris freegje wêrom't hy op snein sa betiid de kij melke moat", seit Lolkema yn in taljochting op har moasje.

- dat skieppehâlder Henry Hoiting út Appelskea yn it ferline mear as 150 skiep kwyt-rekke troch oanfallen fan de wolf. Syn rie te'n ein begûn hy in eksperimint om it gefaar te beswarren. En sjoch: it docht fertuten! It geheim sit him yn in kombinaasje fan dingen. Hoiting makket gebrûk fan skriktried, in gelûd dat de wolf warskôget foar de trieden en in spesjaal geurspoor. En it is dêrom opmerklik dat de wolven Hoiting's skiep al in jier lang mei rêst litte!

- dat hinnen en piken nei fiif jier wer keurd binne by de Frieslandshow; "It libbet wer". Wa't yn Holwert wennet, kin it lûd al wer hearre; it keakeljen fan piken en hinnen. Koartlyn begûn de lytsfeekeuring mei nei fiif jier ek wer hinnen en piken.

- dat de Kameleonfans wer bliid binne. De jonges fan de Kameleons kinne wer farre. Jelmer en Jorrit Visser, in twilling fan De Broek, hiene al in eigen boat, mar der sieten gatten yn. In skipswerf yn Frjentsjer hat de jonges holpen.

- dat de Oekraynske ambassadeur djip ûnder de yndruk is fan de Fryske helpaksje: "Untsettend tankber". Oleksander Karasevyck woe mei eigen eagen sjen watfoar wurk de stichting ferset foar minsken yn need yn syn thúslân. "Ik bin djip ûnder de yndruk", seit er. De fabrykshal yn Haulerwyk feroare okkerdeis yn in eamellersheap, ryklik 75 Oekraynske en Fryske frijwilligers.

Tiid

*De tiid giet ûnferbidlik troch
wat ik ek lit of wat ik doch
ik kin syn gong net keare
Hoe 't komt, de tiid sil't leare
sa lang't ik meigean, hear en sjoch.*



*Is de sprokkelmoanne sacht
Letter komt de froast by nacht.*

Folle lok yn 't Nije Jier

**Al hast it net altyd foar de wyn, gean it dochs fleurich en blier
mei wille en tier, hoopjend, leavjend, leauwend yn!**

☞ Bêste kriteleden: ta myn spyt is dit de alderlêste "Ha jo it it al heard".
Kritebestjoer en leden: mei it jim allegear goed gean. Hâld faasje!

Persoanlik sjogge wy elkoar noch op 10 jannewaris by it stampotbuffet.

Hertlike groetnis,
Jan fan Beets

95 jier

Slim genôch is it safier.

95 jier fol mei fertier,
de minsken kamen fan withoefier
en gongen by ûnder oaren Wilco yn de hier.
It Nederlânsk wie wol wat swier,
mar Frysk by de Krite wie fansels gjin beswier.
Mar opjaan by de Krite gong net as in tierelier,
de wachtsjende rige wie oe sa lang, netwier?
Wat wienen wy dan ôfgrysluk blier,
mei ús namme op it papier.
Fermeitsje, dat wie de manier
en laitsje elk kertier.
Muzyk en fuotten fan de flier,
wat joech dat dochs in grut plezier.
In man ferklaaid, mei frouljushier
de toanienspiler ferluts gjin spier.
Fermaak foar eltse 95 jier.
Mar dan ...

..... is it slim genôch safier.



STAMPPOTBUFFET 2025



It sjocht der wer lekker út!!

Freed 10 jannewaris 2025

nei de ledegearkomste fan 16.30 oere, dus om 17.00 oere kinne jim derfan genietsje yn it Haolerhoes yn Hooghalen.

Dizze hearlike iterij kostet **€ 22,50 p.p.** en dêr ha jo foar: in slokje, trije soarten stampotten mei fleis en soer, in neigesetsje en oan 'ein in lekker bakje kofje of tee en in protte geselligens. Moai om ek elkenien dan in noflik en foaral sûn 2025 ta te winskjen. Fansels sjonge wy dan ek noch wat Fryske ferskes.

Opjaan kin oant en mei 5 jannewaris 2025

by Metje (06-40071573) of Douwe (06-10166002)
(ek kinne jo je by harren opjaan as jo in dieet ha of as jo mei immen meiride wolle).

Betelje kin op rekkennûmer: NL 78 RABO 0310 1082 33

Jim (ek net-leden) binne fan herte wolkom om **17.00 oere!**

Wy, as bestjoer, sizze:

At jo kinne, kom dêr dan hinne, foar in hapke en in drankje en in moai Frysk sankje.

Metje, Renny, Sjoege, Teatske, Douwe en Hans



Fraachpetear mei Tryntsje en Gorrit van Berkum

*It aventoerlike libben fan Gorrit en Tryntsje
van Berkum-deBoer*



Foarsitter fan Fryske Krite Easterwâlde, **Tryntsje van Berkum-de Boer**, is berne yn Menaam op 12 maart 1944. Sy is dêr hikke en tein mei trije bruorren. Heit wie karrider, dy't wy no in boade neame. Moarns betiid nei Ljouwert dêr't alle karriders om de Aldehou by elkoar kamen om guod út te wikseljen Hie heit bygelyks in fyts foar De Lemmer, dan krige de karrider, dy't dy rûte hie, de fyts mei. Ek naam har heit de bestelling fan de winkellju op, om dy dan letter op 'e dei yn Menaam te besoargjen. Sa waard moal foar de bakker en iterij foar de winkelman besoarge. Ek butagas hearde ta syn hannel. Yn maaie hie heit it drok mei branje, dat wie dan goedkeaper. Dat moast dan wol apart ferfierd wurde fansels.

Menaam wie doe in doarp mei in hechte mienskip. Op doarpsfeesten en by it keatsen dienen alle ynweners mei, faaks mei de korpsen foarop. Dy ferbining siket Tryntsje altyd wer op.

Doe't sy mei fakânsje nei Skylge woe, moast se dat sels fertsjinje. Dat die se mei beisykjen, foto's fan 'e merke ferkeapje, mei bôle/brea sutelje foar de bakker en foar de slachter fleis rûnbringe. As dochter fan de karrider koe se elkenien yn it doarp wol fine.

Nei de Mulo yn Ljouwert folge sy in (doe noch privee-)oplieding ta medysk analiste en wurke rom acht jier yn it Diakonessehûs yn Grins. Doe't in pear kollega's dêr harren 25-jierrich jubileum fierden, tocht Tryntsje: "Noch in pear jier, dan bin ik ek sa fier. As ik noch wat oars wol, dan moat dat no hast wêze." Se sollisitearre op in advertinsje fan it SNV yn har faktydskrift om as frijwilliger útstjoerd te wurden nei in opliedingssikehûs yn Ebolowa (Kameroen). Nei in swiere keuring fan twa dagen yn De Haach, waard hja goedkard en foar twa jier útstjoerd, tegearre mei in ferpleechster en in froedfrou. Har taak wie: it oplieden fan jonges ta laborant en nei't hja slagge wiene, elk ynstallearje yn it laboratoarium fan harren "eigen" sindingssikehûs yn de bush. De omstannichheden wiene dêr tige primityf en oeral ferskillend.

Om't har projekt troch DOG (tsjerklik Dienst over Grenzen) oanfrege wie, moast hja as tarieding earst foar goed twa wike nei it Hendrik Kraemer Ynstitút (NKY) yn Oegstgeest. Ien fan de oare dielnimmers dêr, wie Gorrit van Berkum út Aldegea (Wymbritseradiel).

Gorrit van Berkum is berne op 16 oktober 1941 yn Aldegea. Hy hie fiif bruorren en twa susters. Syn heit wurke by de boer. Op 'e ambachtsskoalle folge Gorrit in oplieding foar timmerman en mitseler. Yn syn tsjinstiid '60-'62 gie er foar twa jier as telegrafist nei Nij Guinea. Nei de tsjinst fûn er wurk by in doarpsoannimmer: huzen opknappe, nije huzen bouwe, stâlen en brêgen, ensf. Nei in jier as trije joech er him op by it SNV foar in projekt fan trije jier yn de binnenlannen fan it ûntwikkelingslân Zambia. Dat wie in moaie tiid! En hy woe wer fuort en joech him op by DOG. Hy moast wachtsje oant der in geskikt projekt foar him kaam.

Nei dy trije jier kaam er earst wer thús yn Iens en die fan alles dêr't er wat bûsjild mei fertsjinje koe: meunsternimme, putsjes yn 'e bou en jûns op 'e fyts nei Ljouwert foar de kursus: Fakdiploma B&U. Yn 'e hjerst fan 1970 kaam DOG mei in geskikt projekt fan in Switserske tsjerke yn it Noarden fan Súd-Afrika. Gorrit koe dêr it wurk fan in Nederlanner oernimme. Fansels in nije kâns foar Gorrit.

Mar earst moast er trije wike nei it HKY yn Oegstgeest en dêr moete hy in Tryntsje de Boer, ek noch in Friezinne. Hja wie ek ien fan de tweintich kursisten; jonge minsken dy't nei ferskate projekten oer de hiele wrâld útstjoerd waarden. Nei trije wike wie de tariedingskursus foarby.

Yn juny 1971 waard Tryntsje troch har hiele famylje en wat freonen op Skiphol útswaad; op nei it nije aventoer. In pear moanne letter wiene ek Gorrit syn papieren yn oarder en fleach er nei Elimhospital yn Súd-Afrika, 4000 km. súdliker.

Yn 'e tiid dêrnei holden se kontakt om't der dochs wol mear ûntstien wie as gewoane freonskip.

De brieven diene der minstens trije wike oer en rekken ek wolris wei. Ienris stjoerde Gorrit in kasettebantsje, mar dat is nea oankommen. Der wiene doe noch gjin mobyltsjes en tillefonearje wie hast net mooglik. Mar "leafde giet dêr't it net gean kin". Midden 1972 kaam Gorrit trije wike op besite by de trije frijwillichsters yn Kameroen. Se makken in omreis mei har trijen (de froedfrou hie oare plannen). Oer dy reis falt in protte te fertellen, mar dat is hjir wat tûe wiidweidich.

Gorrit syn wurk yn Elimhospital wie ek tige wiidweidich: Haad fan de fer- en nijbou fan in grut sikehûs, soargje dat der fleis wie foar pasjinten en personiel en ek sette er in bargemesterij op. De bargaen ieten it ôffal fan it sikehûsiten. De bargaen waarden ferkocht en mei dat jild waarden ekstra projekten foar de tsjerken betelle. Thús meste er noch hinnepien dy't nei ûngefear in wike as acht ferkocht waarden. Der wie altyd grutte belangstelling foar. Mei Krysttyd stiene de minsken moarns betiid al yn 'e rige. De hinnen krigen in toutsje om 'e poatsjes, sadat se net fuortrinne koene.

Mar nou werom nei harren relaasje. Midden 1973 fleach Tryntsje foar in trije wike nei har Gorrit, al hie dat wol wat fuotten yn 'e grûn. Har fisum foar Súd-Afrika waard twa kear ôfwiisd, mar úteinlik slagge it dochs en kaam se op Jan Smuts oan sûnder dat Gorrit it wist. Se waard yn earste ynstânsje net talitten, mar nei fiif oeren wachtsjen kaam der in oare amtner dy't útsocht dat se wol talitten wurde mocht (apartheid).

Trije wike tegearre. Se makken in moaie reis en hiene it tige nei't sin, mar doe't Gorrit by it ôfskie op Jan Smuts sei: "We kinne ús ek wol ferlove" wie Tryntsje har reaksje "Ah jonge, bist net wiis, ús heit en mem kenne dy noch net iens". Mar op 'e weromreis nei Kameroen kaam hja ta besinning en nei de lâning yn Yaoundé rôp se fan de trep fan it fleantúch nei har freondinne: "We sille trouwe". En Gorrit wist noch fan neat!!!

Op 21 desimber 1973 wie it dan safier en trouden se yn Menaam. Tryntsje har âldste broer hie alles foar harren regele, mar prottele earst wol wat: "Komt sy thús mei in frjemde feint en geane se fuort noch trouwen ek!"

De âldelju fan Gorrit moeten Tryntsje doe ek foar de earste kear. In skoansuske fan Tryntsje makke in troujurk fan twa panjes (lapen tradisjonele stof) dy't Tryntsje op 'e merk yn Kameroen kocht hie. Se hiene grut feest mei famylje en freonen.

Mids febrewaris 1974 setten se tegearre ôf nei Súd-Afrika, werom nei Elim-hospital (noarden fan Transvaal, tsjin de grins fan doe noch Rhodesië). Tryntsje koe ek fuort oan 't wurk, al wie der hast noch neat as laboratorium. Mar lokkich kaam der by in grutte ferbouwing, betocht en útfierd troch Gorrit, in rom laboratoarium, alhiel nei Tryntsje har winsk en grinzjend oan de polyklynik. Pasjinten moasten bûten op harren beurt wachtsje, mar dêr hie Gorrit in grut ôfdak mei banken fan trochsnijde beamstammen makke, sadat de minsken yn elk gefal yn 't skad sieten en by reinich waar droech bleaunen.

Harren hûs en it iten waard troch in swarte frou fersoarge. In leaf minske en sûkerskjin! Sa no en dan naam se har eigen soantsje mei om mei Gerben te boartsjen, dy't yn 1974 berne wie. Dochter Nynke folge yn 1977. Doe't Gerben fjouwer jier wie gie er moarns om sân oere mei in bus nei de beukerskoalle mei blanke bern. By de beukers wie juf aunty Mercy, dy't har ferwûndere, dat Germ sa oerstjoer waard as hja de pistaloefening hold. Eltse wike wer. De bern moasten dan ûnder de tafel krûpe. Ús Germ wie dat thús alhiel net wend, ta ferbjustering fan juf aunty Mercy. As âlders fûnen se it doe tiid wurden om nei it Heitelân werom te gean.

26 Desimber 1982 wie it safier. Fan de simmer nei de winter yn Fryslân. Der lei in dik pak snie en it frear. Gerben seach syn eagen út: glês op 'e sleat en skaad op 'e wite snie! Skaden wiene se net wend. Se wennen sawat op de evenaar. Mei de Kryst skynde de sinne rjocht yn 'e skoarstien, lyk op it hurdste! Harren krystbeam wie in grutte aloëe, fersierd mei plukken watsjes en dikke kearsen, dy't krûm lutsen fan 'e warmte. As fierdere fersiering makke Tryntsje mei de bern krystpopkes út in boek.

Om hjir wer oan 'e slach te kommen wie 1982 gjin geunstige tiid, ± 800.000 wurkleazen. Alle wiken mei it Bijstânbryfke nei it gemeentehûs yn Menaam, dêr't se earst wer wennen. De bern fielden har daliks thús en sprieken al rillegau Frysk. It hat fyftjin moanne duorre foardat se beiden wer wurk hiene en kamen úteinlik yn Noard Hollân telâne. Tryntsje bij de Tromboazetsjinst yn Alkmaar en Gorrit by de polysje as haad fan de fasiliteere tsjinst, dat betsjut ynkeap fan alles wat der nedich wie op de buro's, mar ek de catering en planning fan it skjinmeitsjen fan alle gebouwen. En dat lêste fûn er it moaiste fan alles. Allebei hawwe se oant harren pensjoen ta wurke. Dochs brocht it langstme harren werom nei Fryslân. Yn Easterwâlde wie in stikje grûn te keap en dêr wenje se no al wer sa'n fyftjin jier.

Yn 2005, nei 23 jier, ha se mei Nynke werom west nei Súd-frika om alle âlde bekenden wer te moetsjen. It wie in waarm wolkom en mannichien fûn it spitich dat Gerben (syn namme wisten sy sels noch) net meikommen wie.

Om harren wat thús te fielen hawwe se harren bij ferskate ferienigings oansletten, û.o. by de Fryske Krite Easterwâlde e.o. Se besykje no ek de gearkomsten fan de Fryske Krite Assen yn Hooghalen, dêr't sy ek lid fan binne.

Se hoopje noch moaie en sûne jierren yn Easterwâlde temjitte te gean.

Kritenijs (fan Anje - redaksje)

Oei, yn't earst wie ik der wol efkes stil fan, dat Teatske út namme fan it bestjoer fertelde dat de Krite ophâlde sil ...

Fansels hie ik al tocht dat der oer net al te lange tiid in ein oan komme soe, mar dochs kaam it my wat oer 't mêd. Mar it (sûne) ferstân relativearre de sitewaasje al gau.



Oan alles komt in kear in ein.

It wurk foar it Kritenijs sil ik wol misse, ik hie der wille fan. De foarrie oan kopij tinne wol hurd út, dat wat dat oanbelanget, hoech ik net wakker te lizzen oer wêr't ik tekst wei helje moat. Ik gean der fanút dat it Kritenijs fan maart 2025 it lêste wurdt.

Tige bliid bin ik mei de help fan Jan Toering. Hy is hiel krekt wat de Fryske taal oangiet, en dêr kin ik hielendal yn meigean. En de faasje, wêrmei't hy alle tekst neiseach: geweldich! Grut respekt foar him.

Jan: tige tank foar de goeie en moaie gearwurking en oant sjen! Ik winskje jo en jo frou noch gâns goeie jierren, mei in soad moais en yn sûnens!

Groetnis oan elkenien,
Anje



Bokwerters

Het is bij tijden maar suiterig buiten. Hij kochelt omraak, dat ik zou zeggen: maar smout bij de kachel blijven.

Geen maller goed als mensen. Ik vind hem maar een zuurtje ...

Ik denk dat u u verzint.

Dat wordt bargebijten.

Het lijkt me wel naar vliegen.

Wat hebben we hier? Het moet niet raarder worden, bliksteenkater.

Alles naar de barrebiesjes. Dit is maar nuiver spul.

Wurdsiker

Sykje ûndersteande wurden op yn dit fjouwerkant.

K	R	U	W	R	E	O	J	F	H
A	I	T	U	E	S	T	M	S	P
C	Z	S	S	H	I	O	D	N	A
H	E	Y	T	S	A	A	S	I	L
E	D	R	A	T	Y	L	Q	E	F
L	F	K	M	O	G	J	B	R	L
H	A	T	P	A	K	E	E	F	E
X	E	J	P	R	E	B	P	S	P
U	L	Z	O	M	D	O	P	S	P
R	B	L	T	P	F	L	E	T	A

APPELFLAP
BEPPE
FJOERWURK
FREI
KACHEL
KRYST
LEAFDE

OALJEBOL
PAKE
SNIE
STAMPPOT
STOARM
WEI
WURK





Bouwbedrijf Rotteveel B.V.
Broeklaan 22, Assen 0592-355278
www.bouwbedrijfrotteveel.nl

Dorpshuis 't Haalerhoes is bij uitstek geschikt voor:

- feesten en partijen,
- vergaderen (beamer en laptop aanwezig),
- bijeenkomsten.

Zaalruimten groot en klein naar keuze.

Ruime parkeergelegenheid.

Praktisch alles is mogelijk.

Vraag vrijblijvend inlichtingen bij de beheerder.

Tel. 0593 – 592340 - b.g.g. 06 – 10144987

Stengelinstraat 18, 9414 AV Hooghalen



Om yn jo bûsboekje te setten

Freed 10 jannewaris 2025

Krite Us Memmetaal, **koarte ledegearkomste** om 16.30 oere en om 17.00 oere **Stamppotbuffet** yn 't Haolerhoes, Hooghalen

Sneon 18 jannewaris

Fryske Krite Easterwâlde, ledegearkomste + **Ite mei de Krite** om 11.30 oere yn De Miente, Snellingerdyk 39, Easterwâlde.

Sneon 22 febrewaris

Krite Easterwâlde, toanielstik (mear ynformaasje: Hans Groenhof).


Freed 28 maart

Krite Easterwâlde, de Wâldmantsjes: Hendrik Blom en Henk Bloemsma om 14.00 oere yn De Miente.

Snein 30 maart

Fryske ferskes sjonge yn Paterswolde, Ons Dorpshuis, om 11.00 oere.

Opm.: yn septimber 2025 wurdt der foar de 50^e kear songen yn Paterswolde, en dat sil in feestlik tintsje ha! Elkenien is wolkom! Ynfo by Anje



Kopij foar it maartnûmer kin oant en mei sneon 8 maart 2025 ynlevere wurde by de redaksje

*As it bûten wetterkâld is en hiel fris,
wit dan dat der by ús foar de kachel
noch plak foar dy is.*



Wiisheden

- Better healwei keard, as alhiel op 'e doele.
- In goed seeman kin wolris wiet wurde.
- As it tij ferrint, moat men de beakens fersette.
- Goed ark is 't heale wurk.

SPESJAALSAAK
H. Witting & Zn

- sûnt 1876 -

Huodden - Petten - Moade-akcessoires
Oosterstraat 51 Grins
050 3121180

It nije jier

As de klokken fan Sint Thomas
net mear liede nacht en dei,
dan komt yn Fryslân yn de moarntiid
in nij jier efter 't âlde wei.

De beammen steane ferreind en heuk'rich
en keal en klomsk yn 't nije jier.
En as der noch wat fjoerwurk fûn wurdt,
dan beart dat blustrich, hoar en fier.

Wat is der hjoed no oars as juster,
wat is der nij, wat jout ús moed?
It jongfolk slacht it herte fûlder,
de âlderein fynt it sa wol goed.

En wy, hjir yn it smûke Drinte?
Tink' wy werom oan hoe as 't wie
doe't ek ús nijjiersklokken letten,
en alles fêst syn plakje hie?

Wy wolle jim as Friezen winskje
dy âlde rêst, dat bliere sin
en súnens ek fansels en elk ek
in goede moed foar 't nij begjin.

Douwe Keulen

(bytsje oanpast)



Feestje, verjaardag, bruiloft, jubileum, BBQ, buurtfeest?

Mercurius Catering verzorgt graag en goed uw feestjes en/of bedrijfsuitjes. Van bbq tot compleet buffet: wij draaien onze hand er niet voor om. Alles vers geleverd bij u op het werk of bij u thuis. Ook voor een sfeervolle inrichting kunt u bij ons terecht.

Succes verzekerd!

Thuis een tap nodig? Ook dat kan. Wij verhuren speciale taps voor thuisgebruik. Mercurius Catering neemt graag de regie voor u uit handen voor uw feest in overleg met u. Samen met u maken we geheel vrijblijvend een voorstel voor uw feest.



Mercurius Catering
Ketellapperstraat 22
9403 VR Assen
0592 - 317755



Nu ook
mobile
musicbox
te huur



facebook.com//MercuriusCatering
twitter: @deBBQSpecialist

www.mercuriuscatering.nl

Lit ús dêrom drinke

Foar alles is in oere, foar alles is in tiid.
Alles giet nei 't selde plak, mei of sûnder striid.
Der is in tiid fan laitsjen en dy tiid is samar om;
in tiid om te fergriemen; dy krigest nea wer werom.

Alles is sa brekber. Alles ûnfollein.
Tûzen wurden sprutsen en der is neat mei sein.
Tútsje mei de mûle, want leafde is as wyn.
Dyn treast en ek dyn pine, der earne tusken yn.

Lûd balte de dwazen, want har wierheid makket frij,
mar wat al te maklik wûn is, is like gau wer wei.
Lit ús dêrom drinke, want de dei lukt nei de jûn
en de leafde wurdt grif earder as de wierheid fûn.

In libben sûnder wiisheid is in libben sûnder ljocht.
In libben sûnder leafde is in libben om 'e nocht.
Lit ús derom tinke, no't it winter wurdt en kâld.
Lit ús dêrom drinke, foar wat frede yn 'e wrâld.

Alles is sa brekber, alles ûnfollein.
Tûzen wurden sprutsen en dêr is neat mei sein.
Treastje mei wurden, kear de kâlde wyn.
Hoedzje ús foar fallen, tsjin better witten yn.



(Gerrit Breteler)